

Tsjin 'e stream

Foar de wet gelyk, mar net yn 'e praktyk

De betinking fan de Slach by Warns fan 1345 stiet oare wike sneon, it tema fan it Kulturele Haadstêdjier yndachtich, yn it teken fan de 'mienskip'. De ideale Fryske mienskip is in meartaligenien, dêr't it Frysk net yn ûnderdocht foar it Nederlânsk – yn bewegingsrûnten leafst oantsjut as Hollânsk.

Dan is der noch in lange wei te gean. Wetlik meie se lykweardich wêze, fan in likense behanneling is út noch yn gjin sprake. De optimisten hâlde de moed deryn: se hâlde oan as storein, dan komt piter stadichjesoan wol yn 'e broek. Pessimisten sjogge der gjin heil mear yn, it Frysk rekket hieltyd fierder yn de nederklits, wat sille jo tsjin 'e stream op roeie? Willem Verf jout lykwols net op en trúnt yn de krante fan tiisdei 'de Friezen' foar de safolste kear oan om mei elkoar yn petear te gean.

Dat petear – mits 'professioneel georganiseerd' – komt dan út by de fraach: wat hawwe jim foar it Frysk oer? Hy docht dy oprop yn it Hollânsk en dat seit al genôch. Under 'de Friezen' wint it Hollânsk it fier fan it Frysk, as it om de taal as kommunikaasjemiddel giet dat fierder rikt as in boadskip op whatsapp of twitter. Dat om foar te kommen dat lêzers ûnderweis ôfheakje of der al net iens oan begjinne, kiest Verf de wei fan de minste wjerstân.

Hoe't der tsjin it Frysk oansjoen wurdt, docht ek bliken út de taalnota 'Frysk, dúdlik yn byld' fan de gemeente Ljouwert. Nei de weryndielingen fan 2014 en '18 hat de gemeente frijwat fan hûs út Frysktaligen der by krigen, dat sokken moatte jo op de lije side oankrûpe. Hielendal no't Ljouwert him foarstiet op syn meartaligens, kin it Frysk net ôfskeapt wurde mei in jan-poepsplak. Hulde alsa foar de nije taalferoarding.

Mar... yn de praktyk sil der net folle feroarje, om't de moaie wurden har net fertale yn sichtbere dieden. Want dat kostet jild en ynspanning fan minsken en dêr wurdt net oer rept. En om't it Frysk ommers mar troch in minderheid, hoe respektabel ek, praat wurdt, bliuwt it Hollânsk liedend oan de telefoan, it loket en op de webside.

Gelokkich hat in riedsmearderheid it kolleezje opdroegen in wurkgroep yn te stellen om te kommen ta ferbettering.

Wetlik lykweardich, mar ûngelyk yn de praktyk. It ûnderwiis moat foar in grutte ynhelslach soargje. De optimisten by de provinsje, deputearre Sietske Poepjes foarop, hâlde moed.

Yn 2030 sil it draachflak sa provinsjebreed wêze moatte, dat gjin skoalle mear ûntheffing kriget, is de foarsizzing. Mar wat hyt 'draachflak'? Salang't de skoallen – en de âlden – dat draachflak bepale meie, komt der neat fan op 'e hispel. Lês de brosjure 'De makabere dûns om de keardoelen hinne' fan Thom Dykstra, foarsitter fan de Feriening foar Frysk Underwiis (FFU). Dy dûns is al sawat tritich jier geande en de posysje fan it Frysk op skoalle is allinne mar swakker wurden, stelt er mismoedich fêst. Mar hoe pessimistysk Dykstra en syn FFU-striders ek binne, se hearre ta de klup fan oanhâlders.

Ek de manlju en froulju fan BAST, de Boarger Aksjegroep Sis Tsiis, jouwe gjin belies en hawwe har aksje – it Frysk is in bernerjocht – nij libben ynblaasd. Hast twa jier nei de fakkeloptocht op kryst-keapjûn troch Ljouwert stinne se op in noch gruttere demonstraasje.

En fierder bin ik fan betinken dat no't FNP'er Germ Gerbrandy as boargemaster fan Achtkarspelen mei pensjoen giet, der yn Fryslân op syn minst wer ien nije FNP-boargemaster komme moat.

pieterjan.de.groot@planet.nl